

PARSEBERJOCHT

29 novimber 2016

Werhelling priiswinnende rige It Swarte Goud

De dokumintêrerige It Swarte Goud fan Omrop Fryslân oer it Frysk hynder wurdt yn desimber en jannewaris werhelle. It Swarte Goud hat oardel wike lyn in priis wûn op in grut filmfestival yn New York. De dokumintêre wie de bêste yn de kategory ynternasjonale spylfilm. Omrop Fryslân wie troch de organisaasje fan it EQUUS Film Festival frege om It Swarte Goud yn New York te ferfoanjen.

Yn april fan dit jier stjoerde Omrop Fryslân de fiifdielige Fryslân DOK-rige It Swarte Goud út. In dokumintêre oer ien fan de wichtichste eksportprodukten fan Fryslân: it Frysk hynder. No, mear as in heal jier letter, wint de film fan programmamakers Piter Tjeerdsma en Albert Jensma en researcher Johanna Brinkman in priis op it EQUUS Film Festival yn New York. It festival is in evenemint dat spesjaal yn it libben roppen is foar films oer hynders.

Oan de ein fan dit jier en begjin takom jier wurdt It Swarte Goud werhelle op Omrop Fryslân Telefyzje. Yn de rige wurdt antwurd socht op in tal fragen. Hoe bleau en bliuwt it ras oerein? Wêrom ried Zorro op in Fries en wêrom hat thrillerskriuwer Dan Brown Fryske hynders? Nei alle gedachten om dy dreech te ferwurdzjen reden dy't Fryske emigranten emosjoneel makket as it oer Fryske hynders giet. De dokumintêrerige It Swarte Goud fertelt oer de skiednis, takomst, passy, keuringen, gebrûken en it sukses fan it Frysk hynder.

It Swarte Goud is ta stân kaam troch in crowdfundingaksje yn gearwurking mei de Koninklijke Vereniging "Het Friesch Paarden-Stamboek" (KFPS).

Fryslân DOK: It Swarte Goud

Diel 1: Fan alle tiden, op snein 11 desimber fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 10 desimber om 15.30 oere en snein 11 desimber om 13.05 oere op NPO 2.

Diel 2: Yn 'e groei, op snein 18 desimber fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 17 desimber om 15.30 oere en snein 18 desimber om 14.30 oere op NPO 2.

Diel 3: Yn 'e krêft, op snein 25 desimber fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 24 desimber om 15.25 oere.

Diel 4: Rispinge, op snein 1 jannewaris fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 7 jannewaris om 15.30 oere en snein 8 jannewaris om 13.00 oere op NPO 2.

Diel 5: De blik foarút, op snein 8 jannewaris fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 14 jannewaris om 15.30 oere en snein 15 jannewaris om 13.00 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT

29 november 2016

Herhaling prijswinnende serie It Swarte Goud

De documentaireserie It Swarte Goud van Omrop Fryslân over het Friese paard wordt in december en januari herhaald. It Swarte Goud heeft anderhalve week geleden een prijs gewonnen op een groot filmfestival in New York. De documentaire was de beste in de categorie internationale speelfilm. Omrop Fryslân was door de organisatie van een EQUUS Film Festival gevraagd om It Swarte Goud in New York te vertonen.

In april van dit jaar zond Omrop Fryslân de vijfdelige Fryslân DOK-serie It Swarte Goud uit. Een documentaire over één van de belangrijkste exportproducten van Fryslân: het Friese paard. Nu, meer dan een half jaar later, wint de film van programmamakers Piter Tjeerdsma en Albert Jensma en researcher Johanna Brinkman een prijs op het EQUUS Film Festival in New York. Het festival is een evenement dat speciaal in het leven is geroepen voor films over paarden.

Aan het eind van dit jaar en begin volgend jaar wordt It Swarte Goud herhaald op Omrop Fryslân Televisie. In de serie wordt antwoord gezocht op een aantal vragen. Hoe bleef en blijft het ras overeind? Waarom reed Zorro op een Fries en waarom heeft thrillerschrijver Dan Brown Friese paarden? Waarschijnlijk om die moeilijk te verwoorden reden die Friese emigranten emotioneel maakt als het over Friese paarden gaat. De documentaireserie It Swarte Goud vertelt over de geschiedenis, toekomst, passie, keuringen, gebruiken en het succes van het Friese paard.

It Swarte Goud is tot stand gekomen door een crowdfundingactie in samenwerking met de Koninklijke Vereniging "Het Friesch Paarden-Stamboek" (KFPS).

Fryslân DOK: It Swarte Goud (Het Zwarte Goud)

Deel 1: Fan alle tiden (Van alle tijden), op zondag 11 december vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 10 december om 15.30 uur en zondag 11 december om 13.00 uur op NPO 2.

Deel 2: Yn 'e groei (In de groei), op zondag 18 december vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 17 december om 15.30 uur en zondag 18 december om 13.00 uur op NPO 2.

Deel 3: Yn 'e krêft (In de kracht), op zondag 25 december vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 24 december om 15.30 uur.

Deel 4: Rispinge (Oogst), op zondag 1 januari vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 7 januari om 15.30 uur en zondag 8 januari om 13.00 uur op NPO 2.

Deel 5: De blik foarút (De blik vooruit), op zondag 8 januari vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 14 januari om 15.30 uur en zondag 15 januari om 13.00 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.